


Toppe
Reitsme
Toppe

DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN



+ Keefekehuis te Oudegea in Smallingerkant 1720

DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN

Utjouwer:
Drukkerij R.I.J.O. b.v.
Het Anker 7
9206 AL Drachten
Till. 05120 - 12468

Redaksje:
L. de Jong, haadredakteur, It West 8
M. Veenstra-Klasema, Eastersânning 5, till. 2514
Foar it Doarpsomropperke:
C.Bosma, Geasten 1. S. Bouma, Buorren 28A

KOPY FOAR IT FOLGJENDE NUMER YNLEVERJE FOAR 20 JANNEWARIS
DAT NUMER WURDT OP'E 31 JANNEWARIS BYLANS BROCHT



YNHALD

FAN'E REDAKSJE

service
samen op weg
briefskriuwer ut drachten
oan briefskriuwster

FERIENINGSNIJS

hobbytentoonstelling
sportnieuws
it buthus
openbare bibliotheek
gespreksgroep
damclub oudega
fugelwacht aldegea
fugelpuzzel

IT WITTEN WURDICH

sinteklaas op skoalle
bern foar bern
hobby-utstalling

UT OARE BLEDEN

de fiertaal thus
de itera
feyenoord - ajax

WINSKEN

YNSTJOERD


jeugdsoos oudega?
utstalling
fegetaryske petiele
uitslag kleurplaatwedstrijd mivero
nieuws over de ywcs
verslag over de mivero

SKIEDNIS

dit wiene ek aldegeasters
mear wite fan eigen krite
het rechthuis van oudega
alde foto

DOARPSOMROPPERKE

SOSIALE WURKLIST



de wizen en de stjerre (mattheus 2 fers 1 - 12)

ynlik dreaun ha w' ús op wei bejûn
spot noch twivel koe ús dream ferdjerre
dwazen sykje 't fuotspoar oer de grûn
wizen reizgje better op in stjerre.

en sa kamen wy yn isrel oan
nei in tocht troch ûnbekende oarden
mar dêr wie gjin feest noch flachfertoan
om de jonge kening fan de joaden.

skriftgeleerden, wis, bedaard en griis
tochten, it soe wol yn bethlim wêze
mar op meigean stelden hja gjin priis
want hja moasten earst noch hiel wat lêze.

en heroades op syn hege troan
mei syn hôf en prinselike sibben
taaste eangstich nei syn keningskroan
en hy kriich de deaskrik fan syn libben.

by in stâl joech ús de stjerre it sein
"dy't jim sykje, sjoch, jim fine 'm hjirre"
stil ha wy by 't bern ús jeften lein
earjend him mei wijreek, goud en mirre.

lâns in oare wei binn' wy ferdwûn
sa ús ingels yn in dream ferklearren
dwazen sykje 't fuotspoar oer de grûn
wizen reizgje op dreamen en op stjerren.

fedde schurer, lieten bij it nije testamint

SERVICE

Faker as ien kear hat de redaksje fan dit blêd der by ferieningsbestjoerders op oan stien om har data fan gearkomsten, útfierings, ensfh. oan'e redaksje witte te litten, alle moannen. Dy data soene dan ek alle moannen yn'e Doarpsomropper publisearre wurde. Dat wie net samar in aardichheidsje fan dy redaksje, nee, dat hie in SERVICE wurde sillen fan dy ferieningsbestjoerders OAN IT HIELE DOARP. De lêzers fan dit blêd, it hiele doarp dus, hiene dan út it listke dy gearkomst, op dy feestjûn útsykje kind, dy't harren it bêst sinnige. Spitigernoch is der fan dy publikaasje nea wat op'e hispel kommen, deagewoan omdat der troch de ferienings neat yn-levere waard. Dérom freget de hjoeddeiske redaksje it noch mar ris mei klam: bestjoerders, doch oan ús jim gearkomstdata ensfh. troch, dan komt it hiele doarp te witten hoenear it jim byinoar komme en wêr 't oer giet. Om sjen te litten, dat der wier neat heimsinnichs of nuvers oan sa'n wurklist fêst sit publisearje wy hjirûnder in part fan de list sa't dy stiet yn it doarpsblêd fan Warten. Dy sjocht der sa út:

- 2 nov. 10.30 oere Plattel.fr. Aldereinmiddei Homans Wergea.
- 2 nov. 16.00 oere Gem. Idaarderadeel, Iepenbiere gearkomst, 1e ôfdieling.
- 3 nov. 16.30 oere Gem. Idaarderadeel, Iepenbiere gearkomst, 3e ôfdieling.
- 3 nov. 19.30 oere Frijs.herf.fr.fer. Dames Van Os en Louwes, dy't de kursusdagen yn Koartehimmen folge ha, fersoargje disse jûn.
- 6 nov. 19.30 oere Jeugdsoos, film The Wanderer, Herberch Brouwer.
- 10 nov. 13.00 oere I.L.S. opheljen fan âld papier.
- 10 nov. 19.30 oere N.C.V.B. dhr. C. van der Berg, Jeugd en geloof.
- 11 nov. 19.30 oere PVDA Iepenbiere fraksjegearkomst, Hotel De Watersport.

Sa, as foarbyld sil dat wol genôch wêze. As wy by de Doarpsomropper fuortoan sokke ynlochttings krije, dan kinne wy foar ús doarp ek sa'n sosiaal kulturele wurklist publisearje. Lêzers, wy fertelle jim letter oft it eksperimint diskear slagget of wêr mislearret.



MODEHUIS NAGEL

wenst alle lezers van de Doarpsomropper goede en gezellige Kerstdagen en een gelukkig Nieuwjaar. Ook in 1983 staan wij weer voor U klaar met mooie en betaalbare kwaliteitsartikelen.

Uw mode-adviseur presenteert:

DE VERRASSENDE VISIE VAN DICK HOLTHAUS

De stof is superieur, het ontwerp getuigt van durf en visie. Zo'n kostuum, kolbert of komposé van Dick Holthaus past u rnet plezier! Kom kijken en voel zelf, hoeveel komfort de soepele verwerking biedt. In onze kollektie vindt u volop keus, kleur en kombinatiemogelijkheden.



NAGEL

Bergum, Schoolstraat 5





SAMEN OP WEG

Oer 't generaal hawwe tsjerklike bestjoeren en autoriteiten net de namme, dat se foaroprinders binne (om it wurd hurddravers mar net te brûken) as it der om giet om feroaringen of fernijingen te krijen yn tsjerke of maatskippij. Har hâlden en dragen komt op it publyk gauris sadanich oer, dat it dêr út ta de konklúzje komt, dat se der op út binne en kear fernijingen sa lang mooglik op. De measte lêzers fan dit blêd sille no wol witte, dat der yn'e herfoarme en griffermearde tsjerken in proses op gong kommen is om tichter byinoar te kommen, om ien te wurden; dat stribjen stiet bekend ûnder de namme "Samen op weg". De griffermearde tsjerken binne ûntstien, mei't yn'e njoggentjinde ieu twa kear groepen minsken de herfoarme tsjerke ferlieten, om't se it mei de gong fan saken dêre net mear iens wiene. De earste kears barde dat yn 1834 (ôfskieding), de twadde kears yn 1886 (doleânsje). Fan komôf binne dy twa dus eins bruorren (of susters), dy't troch kreauerij by inoar wei gien binne. Mar no is der dan dy aksje "Samen op weg", dy't de bruorren wer by mekoar bringe wol. En yn guon plakken yn ús lân moat dat aardich goed slagje, ja, hjir en dêr moat der al yntegraasje pleats hân ha. Hoewol't dy aksje no al wer jierren rint, fernimt men der te uzes net it measte fan. It is wier, út en troch komme de rieden fan beide tsjerken yn gearkomst by inoar, út en troch wurdt der ris in mienskiplike tsjinst yn ien fan 'e tsjerken hâlden, út en troch stiet de herfoarme domeny ris foar de griffermearde te preekjen en de griffermearde foar de herfoarmen, "kanselruil" hyt dat yn it domenyjargon. Mar dat hat noch net folle om'e hakken, de ûngetiid moat noch begjinne. Hoenear? No is der okkerdeis út'e synoades wei al ris op wiisd, dat 1984 eins in tige gaadlik jier wêze soe om wer byinoar te kommen (150 jier nei de ôfskieding) en 1986 waard ek neamd (100 jier nei de doleânsje). Mar oft wy hjir te uzes dat helje sille It sil grif wol wier wêze wat der gauris sein wurdt, dat der nochal wat struktuerferskillen binnen tusken beide tsjerken. De herfoarme tsjerke is fan âlds in regintetsjerke en dêr sil ek yn dizze tiid noch wol wat fan te fernimmen wêze en de griffermearde tsjerke wie alearen in proletariërstsjerke en soks sil ek wol wat neiwurkje oant hjoed-de-dei. Mar sokke ferskillen moatte oer te sljochtsjen wêze as de wil dêrta oanwêzich is. En boppedat, dêr ha wy it noch net iens oer hân, se hawwe omers allebeide deselde Grutte Baas!

Der is ek noch wol wat, dat hope jout foar de toekomst: de jongerein fan beide tsjerken. It hat al bliken dien, dat dy net fêstroastke sitte yn âlde struktueren. Hja hawwe omers meiinoar al in jongereinferiening oprjochte. As dat jongfolk oer in jiermannich yn't fjouwerkant sit, faaks sette se dan de stap der yn, as se "Samen op weg" geane.

d.J.

BRIEFKRIUWER UT DRACHTEN

Tige betanke foar jo ynljochtings. Ik hoopje der meikoarten gebrûk fan te meitsjen.

d.J.

OAN BRIEFKRIUWSTER

Soene jo, dy't it briefke skreaun hat, dêr't boppe stiet "Tank foar 20 novimber 1982", jo wol by my bekend meitsje wolle? It is ntl. sa, wy pleatse gjin anonime brieven of oare artikels, as de namme fan de skriuw(st)er net by de redaksje bekend is. Dus, as jo jo efkes by my bekend meitsje, dan sette wy jo aardich briefke (sûnder jo namme der ûnder) yn it jannewarisnûmer fan de Doarpsomropper.

d.J.



**Milieu Service
Friesland**
Tel. 058-125465



kraakperswagen



afvalzak, minicontainer en rolcontainers

**ALLE SYSTEMEN VOOR
INDUSTRIEEL AFVAL**

**CONTAINERS VOOR
BOUW- EN SLOOPAFVAL**

**OOK VOOR
PARTICULIEREN**



DIREKSJE EN PERSONIEL

WINSKJE DE LEZERS

**FAN DE DOARPSOMROPPER
IN LOKKICH EN SKJIN 1983 TA**

FERIENINGSNIJS

HOBBYTENTOONSTELLING

De tentoonstelling van 20 november j.l. is een succes geworden! Zowel voor de deelnemers en publiek, als financieel. Er zijn in totaal (kinderen meege-rekend) 365 bezoekers geweest. Ook hebben we van diverse mensen nog een geldelijke bijdrage ont-vangen, waarvoor hierbij hartelijk dank. Na aftrek van alle kosten (verzekering, zaalhuur, materiaal, enz.) blijft een bedrag van f 420,00 over. We kunnen dus peuterspeelzaal, hertekamp en gospelgroep elk f 140,00 schenken. We hebben besloten om het geld in iets tastbaars over te dragen. Bijv. bijdrage in klimrek, geit, muziekinstrument o.i.d. De gospel-groep heeft daar inmiddels al gebruik van gemaakt, zij hebben een orgel aangeschaft. Hierbij willen we ook nog de volgende personen bedanken voor hun hulp voor, op en na de tentoonstelling:

Titia, Iekje, Tine, Lia, Jans, Romke, Piet, mevr. De Groot, Luttie, dhr. en mevr. Lindeboom en niet te vergeten alle deelnemers.

Jannie Friso en Marian Veenstra

SPORTNIEUWS

In "It Miensker" hielden de oudergymnastiek uit Oudega en Nijega en de volksdansgroep Oudega dinsdagmiddag 30 november hun gezamenlijke, jaarlijkse spelmiddag. Onder grote hilariteit begon het sjoelen, pijlgooien en balgooien. Het was een dolle boel. Dan was er volksdansen voor en met elkaar en sportief als altijd, had onze leidster mevr. Lyklema (Jeltsje) het gehele ABC op rijm gezet, in Sporttaal, wat door een twaalfstal dames en heren van alle drie clubs werd voorgelezen. Een muzikale verkleedpartij hoorde er ook bij, voor weer een andere ploeg. Er werd koffie gedronken en kroketten

gegeten. Na de spellen werd er nog even gedanst en ook dat ging maar wat goed. Er was een kleine verloting met mooie prijsjes, dit alles ter dekking van de kosten. Over en weer werden nog woorden van dank gesproken voor deze héél gezellige middag. Ouderen, dorpsgenoten, gord U aan, daar blijft U fit bij.

F.
naam bij redactie bekend



IT BUTHUS



De schilderscursus "It Bûthús" had voor maandagavond 13 dec. en dinsdagmiddag 14 dec. een zogenaamd open huis georgani-seerd. Dat er een grote behoefte bestaat aan creativiteit bewees ook nu weer deze cursus. Er gaan op cursus "It Bûthús" thans 31 leden die wekelijks hun schilder- en teken- of aquarelkunst beoefenen in een prettige ontspannen sfeer onder leiding van Oeds de Vries. Tientallen nieuwsgierigen kwamen een kijkje nemen. Er start in januari, om precies te zijn 4 januari dinsdagavond half acht, een nieuwe cursus voor beginners. Er zijn daarvoor al weer nieuwe deelnemers ingeschreven. Als een bijzonderheid geldt voor deze avond dat het een nietrokers cursusavond is. Mocht U belangstelling hebben voor dit werk neem dan contact op met Oeds de Vries, Drachten, telefoon 05120 - 15175, of met Wietse Welling, Oudega, telefoon 05127 - 2396.

Bouwbedrijf



Gebr. De Haan
b.v.

GROUW - 05662-1632-2149


OUDEGA - 05127-1326-2021

WIJ WINSKJE ELKENIEN
IN NIJIER TA, LIKE GOED
AS DE HUZEN DY'T WY BOUWE



ALLE MINSKEN
UT ALDEGEA EN OMKRITEN
IN LOKKICH EN SUN 1983 TAWINSKE
EN
IN PEAR GOEDE SKUON
FANSELS

TINK OM US
STRUIBRIEF
FAN 4 JANNEWARIS
OANSTEANDE



LAMPERS SCHOENEN

Lampers schoenen

Schoolstraat 24, 9251 EG Bergum - Telefoon 05116-1508

OPENBARE BIBLIOTHEEK

De bezuinigingsronde treft ook de openbare bibliotheek in Nederland. Samen moeten alle openbare bibliotheken 15 miljoen gulden inleveren in 1983. Vrijwel zeker betekent dat, dat de gebruiker daarbij ook wordt aangesproken. In de eerste plaats zal de contributie worden verhoogd. De bedragen voor 1983 zijn als volgt:

tot 18 jaar	gratis
18 tot 25 jaar	f 14,00
25 tot 65 jaar	f 18,00
ouder dan 65 jaar	f 14,00

Niet alleen in de portemonnee zal het bezuinigings-effect te merken zijn. Ook in het boekenbestand zal het zijn terugslag vinden. Immers, met het budget werd al heel nauwkeurig omgesprongen. Het zal in de toekomst "krenten wegen" zijn. En dat terwijl we de bibliotheek zo nodig hebben, voor ontspanning

en recreatie, maar ook voor ontwikkeling en informatie. Het is te hopen, dat de sociale functie van de openbare bibliotheek volwaardig zal blijven in de bezuinigingsronde.

De sluitingsdata voor de feestdagen zijn als volgt:

vrijdag 24 december	's avonds gesloten
woensdag 29 december	hele dag gesloten
vrijdag 31 december	hele dag gesloten

Wij wensen u prettige feestdagen en een voorspoedig 1983.

Janny van Zonneveld
Janny van der Velde
Karla Benedictus

"GESPREKSGROEP"

Hier een kort verslag van de bijeenkomsten van de "gespreksgroep", die ook dit najaar weer gehouden zijn. We zijn wat aarzelend gestart; want er was van de vaste groep "medepraters" van het afgelopen jaar nog al wat afgevallen door verhuizingen en dergelijke redenen. De eerste officiële bijeenkomst (19 nov.) werd dan ook bijgewoond door een deskundige op het gebied van het begeleiden van gespreksgroepen en het jeugdwerk e.d. Een aantal punten kwam naar voren:


- Eén keer in de 14 dagen is te veel. Voortaan dus 1 keer per 3 weken een bijeenkomst van de club praters.
- Een andere vorm van onderwerpbehandeling kan ook boeiend werken: vertoning van een film of uitnodiging van een spreker e.a. om naar aanleiding daarvan met elkaar tot zinnig of bezinnend gesprek te komen.

We hebben een aantal boekwerkjes aangeschaft, waar we als gespreksgroep baat van hebben, door er bijvoorbeeld gespreksstof of onderwerpen uit te halen. Na het "groeps-voort-bestaan-achtige" gebeuren, werd er die avond ook een inleiding gehouden, waardoor het niet alleen bij formeel bespreken bleef.

Het onderwerp handelde over de vraag: Hoe kom ik aan mijn mensbeeld of maatschappijvisie zoals ik die heb? Waar zijn mijn opvattingen op gebaseerd, of waardoor ontstaan? Door elkaars gedachten en ervaringen te beluisteren, kwamen we er achter, dat veel van je meningsvorming bepaald wordt door je opvoeding, de omgeving waarin je opgroeit, en de beïnvloeding die ondermeer via radio, televisie en kranten naar je toe komt. Op de volgende bijeenkomst was een tekst centraal gesteld waarin de zendingsoopdracht gegeven wordt.

Vragen die opkwamen en opmerkingen waren o.a.:
Wat doen we met deze opdracht in deze tijd?
Mogen we andere culturen "opzadelen" met ons geloof?

Welke vorm is de beste, als je andere mensen wilt overtuigen? Op deze laatste was een reactie deze: "Lééf het voor en straal het uit, een betere overtuiging is er niet!" Er bleven die avond nog genoeg verschillen van mening bestaan, maar aan het doel van de gespreksgroep was beantwoord: Door met elkaar te praten jezelf en die ander beter te leren kennen en standpunten te leren begrijpen.

D
A
M
C
L
U
BO
U
D
E
G
A

Net als vorig jaar werd er ook nu weer een Snel Dam Tournooi gehouden en wel op donderdagavond 2 december. Waren de prijzen vorig jaar kip en droge worst, nu had men carbonade en gelderse worst. Tournociwinnaar werd orize eigen hoofdklasser He. Jonker met 6 punten uit 3 partijen. 72 deelnemers hadden zich aangemeld waarvan de jeugd goed vertegenwoordigd was. In groep A van de jeugd hadden alle spelers 3 punten (met alle remise uitslagen). De leiding besloot om ze nogmaals te laten spelen en dan 10 minuten per partij. Sietse Bouma werd hierna 1e en Roelof de Jong 2e. Peter Toering en Cor Tjeerdsma waren hun tegenstanders. De volledige uitslagen:

Hoofdklasse:

- Groep A 1. F. Kooi - 5
2. M. Tjeerdsma - 4
- Groep B 1. J. Tuininga (Drachten) - 5
2. O. Kooi - 3
- Groep C 1. He. Jonker - 6
2. R.W. de Vries (Dckkum) - 4

1e klasse:

- Groep A 1. Th. Pander (Garijp) - 4
2. G. Tjeerdsma - 4
- Groep B 1. Sj. de Vries (Garijp) - 4
2. U. Tjeerdsma - 4

2e klasse:

- Groep A 1. O. Roukens - 6
2. H. Westerhof (Oostermeer) - 4
- Groep B 1. J. Meyer (Drachten) - 5
2. M. Pool (Ureterp) - 4
- Groep C 1. F. Dupon (Garijp) - 4
2. D. van Manen (Oostermeer) - 4
- Groep D 1. D.J. de Jong - 6
2. S. Attema (Drachten) - 3
- Groep E 1. Jan F. de Jong - 6
2. A. Wedzinga (Oostermeer) - 4

3e klasse:

- Groep A 1. Tj. Jonkhoff (Drachten) - 5
2. N. Westerhof (Oostermeer) - 4
- Groep B 1. Kl. Jacobi (Nijega) - 5
2. W. Steenhuizen (Suameer) - 5

Jeugdklasse:

- Groep A 1. Sietse Bouma (Nijega) - 6
2. Roelof de Jong - 4
- Groep B 1. Aalzen Wijma - 6
2. Wietse Jelsma - 4

- Groep C 1. Gjalt Jan van der Lei - 6
2. Johnny Toering - 4
- Groep D 1. Roel Jan Kooistra - 4
2. Jan van der Lei - 4
- Groep E 1. Udo Zanstra - 2
2. M. Wiersma - 2
- Groep F 1. Roel Johannes Jongasma - 6
2. Rense Harmsma - 4

Zonder plaatsnaam komen van Oudega.

Damclub Oudega heeft deze avond te danken aan hun sponsors, die het financieel mogelijk maakten om deze dam-avond te organiseren. De sponsors waren:

Rabobank
Fa. Toering
Kl. Wiersma
O. Pietersma
H. Herder
Viando Veenwouden



UW
makelaar



makelaarskantoor R. WIJMENGA b.v.

makelaar en taxateur
in onroerende goederen

lid MCC

noordersingel 9
bergum friesland
telefoon 05116 - 1757



Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID
van OUDEGA met een
nog echt open vuur.
Tel. 05127 - 1536

A.J. WELLING
BUORREN 18
OUDEGA

In de Bondscompetitie staat Oudega I op een gedeelte 4e plaats gelijk met Oldehove II. Na de nederlaag van 8 - 12 tegen Bergum I behaalde men een monster zege in en tegen Twijzelerheide II van 5 - 15. Op vrijdag 17 december speelt Oudega I thuis tegen Surhuisterveen hun laatste wedstrijd. Bij winst eindigd Oudega mee boven aan en bij een nederlaag kan men net de degradatie omzeilen. Oudega II verspeelde 2 keer een goede positie door nederlagen tegen Surhuisterveen II en Suameer II. De laatste wedstrijd wordt op 21 december in en tegen Oostermeer II gespeeld. Bij verlies van Oudega is Oostermeer waarschijnlijk de kampioen in de 2e klasse A.

Stand Regionale Hoofdklasse Noord:

1. Surhuisterveen	7 uit 5
2. Oude Bildtzijl	6 uit 4
3. Bergum	6 uit 5
4. Oudega	5 uit 5
Oldehove II	5 uit 5
6. Oosterwolde	3 uit 5
7. Twijzelerheide	2 uit 5

Stand Tweede Klasse A:

1. Oostermeer II	7 uit 4
2. Oudega II	6 uit 4
3. Drachten III	5 uit 5
4. Surhuisterveen II	4 uit 4
5. Drogeham I	3 uit 4
6. Oldehove III	3 uit 5
7. Suameer II	2 uit 5

In de eigen competitie heeft F. Kooi de leiding genomen, He. Jonker is drie punten achter, maar met 2 wedstrijden achterstand. Rode lantaarndrager is U. Tjeerdsma, die er maar niet in slaagt zijn verdiende punten te behalen.

Beter vergaat het M. Tjeerdsma die koploper is in de 2e groep, wel wordt hij achtervolgd door J. Jansma en P. Feddema. Door verlies van B. Klijnstra tegen Cath. Bouma moest deze speler voorlopig afhaken.

Stand Groep I

1. F. Kooi	8 - 12
2. He. Jonker	6 - 9
3. L. Houwink	8 - 9
4. Joh. de Graaf	7 - 8
5. O. Roukens	7 - 7
6. S. de Graaf	8 - 7
7. O. Kooi	6 - 6
8. G. Tjeerdsma	8 - 5
9. U. Tjeerdsma	8 - 3

Stand Groep II

1. M. Tjeerdsma	6 - 11
2. J. Jansma	7 - 11
3. Sj. Reitsma	9 - 11
4. P. Feddema	6 - 10
5. B. Klijnstra	8 - 9
6. Cath. Bouma	7 - 7
D. Jonker	7 - 7
8. M. van der Veen	8 - 6
9. G. Kooi	7 - 4
10. Kl. Jacobi	9 - 4
11. D. van der Mei	4 - 3
12. Tj. Jonkhoff	8 - 3

In de oudste jeugdklasse is de strijd uiterst spannend. Wie hier de beste dammer is, is nog lang niet beslist. Van de 6 spelers zijn er nog minstens 5 die als 1e kunnen eindigen.

Stand:


1. P. Toering	7 - 9
2. R. Jelsma	8 - 9
3. C. Tjeerdsma	6 - 8
4. S. Bouma	7 - 7
R. de Jong	7 - 7
6. H. Hospes	8 - 4

Ook de andere jeugd begint al mooi te dammen. Henriette is net begonnen, maar die leert het wel van de andere jongens. De 1e plaats zal wel tussen Wietse en Aalzen beslist worden.

Stand:

1. Wietse Jelsma	13 - 22
2. Aalzen Wijma	13 - 19
3. Gjalt J. v.d. Lei	13 - 16
4. Roel Wiersma	13 - 11
5. Johnny Toering	11 - 8
6. Wiebe de Jong	12 - 6
7. Frank Boersma	12 - 4
8. Henriette Sluiter	6 - 0


FUGELWACHT ALDEGEA



ROERDOMP

De roerdomp (zijn Friese naam is reiddomp) is een schuwe, geheimzinnige vogel, die we maar zelden te zien krijgen. Het is een echte moerasvogel, die leeft in grote rietvelden. Het is een vogel ongeveer zo groot als een kip, met een bruin, geel en zwart gestreept verenpak, die kleuren doen hem geheel opgaan in zijn omgeving tussen het riet, waar hij haast zijn gehele leven vertoeft. En op die schutkleur

lijkt hij zelf ook volledig te vertrouwen, want bij dreigend gevaar gaat hij maar zelden op de wieken. Dan neemt hij de zogenaamde paalhouding aan. Altijd met de voorzijde naar zijn vermeende belager toegekeerd en de snavel omlaag wijzend, dan is het heel moeilijk om hem te ontdekken. Met de zwarte en bruine lengtestrepen op zijn hals en borst lijkt hij volkomen één met zijn omgeving. Bij ons in de omgeving is de roerdomp een schaarse broedvogel en al is hij gedeeltelijk een trekvogel, toch overwinteren de meeste roerdampen in hun eigen broedgebied. En dat komt hen nogal eens duur te staan.



Want bij strenge winters vallen er veel slachtoffers. De broedperiode van de roerdomp is ongeveer van eind maart tot in juli. Ze bouwen hun nest het liefst in lang overjarig riet. Hun legsel bestaat uit 3 tot 6 eieren, waar ze ongeveer 25 dagen over doen om ze uit te broeden. De jongen worden uit de krop gevoerd met kleine visjes en als ze wat groter zijn ook wel met kikkers en kleine zoogdieren. Jonge roerdampen nemen bij dreigend gevaar net als hun ouders meteen de paalhouding aan, ook als ze nog in het nest zijn. In de broedtijd laat de roerdomp een dof dreunend geluid horen, dat tot ver in zijn omgeving te horen is. Ook bij nacht, vroeg in het voorjaar maakt hij baltsvluchten, cirkelend boven zijn broedgebied. Dan laat hij een merkwaardig kort blaffend geluid horen, steeds herhaald met grote tussenpozen. Daaruit blijkt dat hij niet alleen dag-, maar ook gedeeltelijk een nachtvogel is. Helaas wordt de roerdomp ook in onze omgeving steeds meer bedreigd en teruggedrongen. Door ontginning van moeras- en rietvelden en lagere waterpeilen, waarmee ook zijn voedsel verdwijnt. Maar ook de toenemende watersport dringt hem steeds meer terug.



*Yn Aldegea binne de gasrekkens it alderleechst,
want de kwaliteit fan de slachter is dêr 't alderheechst.
Dat fleis is sa mar gear, hoecht dus mar krekt op't fjoer
en it is foar dat soarte gjin stoer te djoer.*

*De moaiste jonge kij dy meie wy thús noch slachtsje,
de kwaliteit is sa goed, men kin net better ferwachtsje.
En binn' jo âld of siik en kinn' jo't sels net helje,
twa kear wyks bringe wy't bylâns, dus je kinn' rêstich belje.*


*Jo hoege ek net troch de snie of wiete rein,
want wy besoargje ek yn Burgum, Nijegea en De Pein.*

*Dus wat let jo, krij rêstich mar de tillefoan
en wy bringe 't moaiste guod by jo oan.*

*Foar 't fijnste fleis of in stikje rikke spek op brea:
nei Oeds Pietersma, slachter te Aldegea.*



**OEDS PIETERSMA
SANBUORREN 19
ALDEGEA (SMELL.)**



TILLEFOAN 05127 - 1241

Wenhûs: Langdeel 7, tillefoan 2456

FUGELPUZZEL

Der binne langer in protte minsken, dy't niget oan fûgels hawwe. Niget stiet oan it begjin fan kennis, in protte minsken witte langer ek aardich wat fan fûgels ôf. Foar sokken is boppesteande puzzel ornearre. Dat de fûgels swart-wyt tekene binne, leveret wol in ekstra swierrichheid op, fansels. Mar de fûgelkenners ûnder ús lêzers komme der grif wol út. Skriuw dan de nammen (fryske of hollânske) mar op it strypke en leverje dat dan foar 16 jannewaris yn by de skriuwer fan'e artikels oer fûgels yn dit blêd G. Elzinga, Dwarssingel 17. De namme fan dyjingen, dy't alle fûgels fûn ha, sette wy dan de oare kears yn'e Doarpsomropper.

- 1.
- 2.
- 3.
- 4.
- 5.
- 6.
- 7.
- 8.
- 9.
- 10.
- 11.
- 12.
- 13.
- 14.
- 15.



Namme:

Adres:

HANDELSDRUKWERK

Strooifolders
Prijscouranten
Circulaires
Fakturen
Briefpapier
Kleurendrukwerk
Etc.

*Bij ons heeft U een ruime
keuze uit de meest
originele*

**GEBOORTE-
VERLOVINGS-
HUWELIJKSKAARTEN**

*Deze kaarten kunt U
uitzoeken bij:*

JANKE en BAUKE DE VRIES

Buorren 39a Oudega

Tel. 05127 - 2417

Ook 's avonds kunt U daar terecht



SINTEKLAAS OP SKOALLE

Ik hie it privileezje krige (om 't ik de neiste buorman bin, tink) om de ynkomst fan Sinteklaas op skoalle mei te meitsjen. De sfear wie oars as oars, doe't ik der kaam. De bern wiene sa gysten en sa roerich. Op it plein foar de skoalle, de boartersjister fan de âldste bern, hie'k al sjongen heard, in hiel unfoechsum Sinteklaasferske: "Sinterklaas is jarig, zet hem op de pot" Sjoch, dat tekenet de sfear moai aardich, der soe fan alles barre kinne, as de ûnderwizers it heft net goed yn'e hannen hiene. Mar dat hiene se wol. De twa heechste klassen waard goed yndruid hoe 't se har hâlde en drage moasten as Sinteklaas der yn komme soe. It wolkomliet waard noch in lêste kear songen: "Sinterklaasje, kom maar binnen met je knecht . . ." Fan earbied en ûntsach wie der by it sjongen fan dit liet gjin spoen te hearren. Mar hoe soe 't ek, as yn it ferske sels de biskop al sa lytsachtsjend "Sinterklaasje" neamd wurdt. En doe kaam der in auto oan en bleau foar de skoalle stean. Yn fjouwer lokalen sieten ynienen de bern langhalzjend nei bûten te sjen. Soe Ja, dêr wiene se, Sinteklaas en Swarte Pyt. De bern fan'e heechste klassen kamen yn'e gong as kommisje fan ûntfangst. Se songen it wolkomliet, lûd en falsk, net botte earbiedich. Mar wat wol men ek, foar meastepart fan dy bern is it kalvinisme deistich iten en drinken, fansels. Mar dat der by de r.k.-learlingen likemin in sprankje ûntsach foar de âlde biskop te fernimmen wie, sjoch, dat dearde my wol wat oan, earlik sein. De earste klasse mocht de Sint it earst yn har fermidden hawwe. It wie der stil, mûskestil, doe't er oer de drompel trêde. Op myn fraach, foartiid, oft se der net wat tsjin oan seagen om aansen foar Sinteklaas te stean, antwurde in lyts jonkje: "Huh, ik traapje der net mear yn!" Sjoch dat wie klare taal no, mannetaal. Neat mear te meitsjen mei âldwivefabels. Dêr stie ien foar my, dy't him net langer belazerje litte woe. Dêr koene wy

aansen wat my belibje as Sinteklaas kaam. Demasqué fan Sinteklaas, ik krige al begrutsjen mei de man. Doe't de biskop te plak siet, seach ik ris om my hinne. Dêr siet it baaske hiel timide op syn stuoltsje en stoarre Sinteklaas frijwat skruten oan. Hy wie bliid, seach ik wol, dat er mar in moai ein fan him ôf siet. It sjongen gong fol ûntsach yn dy klasse. Juf moast fan Sinteklaas in ferske allinnich sjonge; doe't se der (òp fan'e senuwen, fansels, dat wie sa wol te hearren) yn stykjen bleau, begûn de klasse spontaan mei te sjongen en soarge der sa foar, dat harren juf net oan'e skandepeal neile waard. En fansels, doe waard it tsjokke boek iepenslein en in stikmannich bern moasten by Sinteklaas komme. Skruten joegen se him in hantsje. Der wiene dis kear gjin echt ûndogenske bern by, lokkigernôch. Se fertelden Sinteklaas wat en as se in ferske songen hiene mochten se wer sitten gean. Nee, gjin ûndogenske bern, alhoewol, der wie ien jonkje, in René, dy stie oars mar frijwat senuweftich foar Sinteklaas te fimeljen en te draaien, dy hie, tink, wol wat mear útspoeke as er foar Sinteklaas wêze woe, mar lokkich foar him frege de Sint der net sa djip op yn. Sinteklaas moat wol in taalwûnder wêze. Spaansk ken er út'e pin, fansels, hoewol't er him dêr hielendal net op foarstean liet, hear. Mar ek it Hollânsk gong gong him mar linich ôf en hy stapte ek, sûnder dat it him muoite koste, samar fan it Hollânsk op it Frysk oer en werom. Doe liet Sinteklaas Swarte Pyt hielendal foaroerbûgd en mei de eagen ticht foar him op'e flier knibbelje. Sinteklaas wiisde doe trije bern oan, dy't hiel sûntsjes efter Pyt syn rêch ek delknibbelje moasten. Pyt moast doe sizze hoefolle bern der efter him sieten. "Tûzen" sei dy olfert. It lytse folkje seach mekoar ris oan, sa oaljedom hiene se it noch net earder meimakke. Doe mocht Pyt syn eagen iepen dwaan en telle. En doe telde er nòch hûndert bern efter him! It jonge guod fan klasse ien is grif net mei grut ûntsach foar de yntelliginsje fan it swarte ras nei hûs ta gien, de middeis. Ien fan'e bern mocht doe itselde dwaan as Pyt. Sinteklaas wiisde dêrfoar in hiel lyts jonkje oan, dat syn heale boppegebit al weislept hie.

KOOS BAKKER'S

KLEERMAKERIJ

DRACHTEN

Ook het adres voor al uw ruiterkleding en toebehoren van het wereldmerk "PIKEUR"



Moleneind 44, tegenover Elmar

Tel. 05120 - 31533

b.g.g. 05120 -12516

Stoppage verzorgen wij ook voor u.

Tevens reparatie-inrichting voor alle lederwaren (tuigen, halsters) en ook voor het opstoppen van uw zadel.

Desnoods op de fiets naar Olterterp . . .

Want VERLOVINGSRINGEN in deze dure tijd gelukkig bij

"DE SLAG"
in Olterterp

bijzonder goedkoop v.a. f 200,- p/p, 14 karaat goud
en bekende merken

Ook zware zilveren geboortelepels
vanaf 195,- gratis gegraveerd

Verder duizenden sieraden in GOUD en ZILVER
nergens goedkoper

Inruil van oud goud tegen de hoogste prijs

SELMEN 2
Tussen Olterterp en Ureterp
Tel. 05125 - 1695



Mar syn earen hied er net weisleept. Sûnder te wifkjen sei er, dat der trije bern efter him sieten. Mar dat wie net sa, sei Sinteklaas, want hy hie frege hoefolle bern der efter him sieten, en ien fan'e trije wie Swarte Pyt. Twa bern dus. Ja, ja, se moasten op har iepenst wêze by dizze Sinteklaas, fernamen se. Sinteklaas hie't net sa lang oan tiid. Nei sa likernôch tweintich minuten moast er al wer fuort. De oare bern woene him ek graach sjen fansels.



BERN FOAR BERN

Okkerdeis hawwe de bern fan beide skoallen yn't hiele doarp hûskebylâns west om de s.n. bernepostsegels en kryst- en nijjierskaarten te ferkeapjen. Dy postsegels binne segels mei in taslach en dêr giet it om fansels. Dy taslach en de winst op'e kaarten bringt, oer't hiele lân rekkene, in aardige sint op en fan dat jild wurde dan wer dingen betelle, dy't bern te goede komme, sike en beheinde bern byg. De Aldegeaster skoalbern binne goede ferkeapers; se hawwe fan't jier foar net minder as f 1887,50 ferkocht. In moai risseltaat!

HOBBY - UTSTALLING

De Aldegeasters hawwe it yn dit blêd in pear kear lêze kinnen; der soe besocht wurde om op 20 novimber yn it Miensker in grutte hobby-útstalling te hâlden. De beide inisiatyfnimsters, Janny Friso

en Marian Veenstra, woene dat der teminsten graach fan meitsje, in grutte útstalling. Mar doe't se der mei dwaande rekken becroep de twivel harren wolris. Soe't wol slagje, soe't bekende sjen-hoe't-de-kat-út'e-beam-komt har gjin ôfbrek dwaan? Dat hja hierden earst mar ris in lytse seal yn It Miensker en nei't se dat dien hiene sieten se noch wolris yn't lyts himd. As it mar net mislearre, dan hie alle tariesend wurk om'e nocht west. Elkenien, dy't soks wolris by de ein hân hat, wit wol, dat der in hûdfol wurk foar dien wurde moat. Mar it die bliken, hja hiene net yn noed hoegd te sitten, want wat tichterby de 20e novimber kaam, wat mear meidoggers har opjoegen, safolle, dat hja al ridlik gau de grutte seal fan It Miensker hiere moasten. En dy kaam ek fol te stean. By einsluten wie it tal meidoggers 38, allegear partikulieren op ien nei, de kristlike skoalle hie ek in dracht bernewurk ynstjoerd. En wat wie der in grut ferskaat! Der wie byg. skilderwurk, foto's, modellen fan hout, poppen, pottbakkerswurk en folle net genôch. Merakels moaie wurkstikken wiene der by, it die jin deugd om te sjen, dat der safolle krêative minsken yn ús doarp wenje. Boppedat, it wie net allinne in útstalling mar ek in beurs, guon meidoggers woene ntl wol fan har wurk wat ferkeapje. Meidoggers planteit dus, mar ek it publyk liet him dy saterdeis fan'e bêste kant sjen, der hawwe 365 besikers west. In fiks tal, dêr't de niisneamde inisiatyfnimsters dan ek goed tefreden oer wiene. Mar der wie sok moai spul te sjen, dat der hiene eins wol twa kear safolle minsken komme moatten. De measte útstallings binne fansels wat statysk, dêr is no ienris meastal neat oan te dwaan. It wie dêrom in goed ding, dat in stikmannich meidoggers it publyk ek sjen lieten hoe't se har hobby beoefenje. Sa wiene der demonstraasjes fan spinnen, stofprintsjen, batikken en printknippen. Dy hobbydei wie finansieel ek in sukses, der is f 420,00 (skjin) fan oerbleaun. Dat wurdt dus ferparte ûnder de yn dit blêd alris earder neamde doelen yn it doarp. It soe in goed ding wêze, liket my ta, dat soks op in oar jier ris wer dien wurde sil.

UT OARE BLEDEN

De fiertaal thús.

Fansels koe ús skoallepersoneel der lang om let net foar wei en bring swierrichheden mei de twa- en dûbeltalichheid ris op in âlderjûn op it aljemint. It nijsgjirrige of leaver it bewende Frysk-eigene dêrby wie, dat soks net trochdreaun waard fan'e Frysktalige âlderkommissjeleden, mar fan'e nije ymport-foarsitster mefrou van Aardenhout-Van Dolmen (de iennichste mefrou dy't wy no yn't doarp hawwe en dat ek bliuwe wol), dy't samar de ien of oare doktorandus wist, dy't noris oan elkenien en benammen oan insidichtrochdriuwend Friezen wittenskiplik útlizze koe, hoe't de twatalige foarke oan'e maatskiplike stôle heart te sitten. Gelokkich - mar tagelyk frijwat pynlik - pakte syn útlis wat oars út as dat mefrou en ús personeel ferwachte hiene, benammen doe't de fiertaal yn skoalle, hús en op strjitte oan'e oarder kaam. De doktorandus ornearre, dat wy hjir mei ús meartalichheid yn in befoarrjochte posysje ferkeare; boartsjendewei leare wy fan jongs ôf twa talen sûnder folle muoite njonken elkoar. Oannimmende alteast, dat de Friezen thús it Frysk sa folle mooglik brûke, om't de bern troch in mannichte fan Hollânsktalige boeken, krantsjes en moderne media it Hollânsk mear as rejaal tapart krije. Letterlik sei de ynlieder:

"In feite is het gewoon dom, heel dom en tevens een soortement besmettelijke valse carrière-drang, dat Friestalige ouders thuis in het Hollands met hun kinderen menen te moeten communiceren, dom, erg dom, omdat ze de hun toevertrouwde kinderen, onverstandig, ontactisch en onharmonisch opvoeden en hun fundamenteel iets onthouden, waarop ze moreel en maatschappelijk recht hebben." Alle bywêzige heiten en memmen koene it pynlike oanfiele: mefrou moat neat fan it Frysk ha en master "kommunisearret" thús mei opsetsin mei syn twa

bern yn 't Hollânsk, om't dat ommers foar harren takomst sa folle better is "Dom, erg dom." Mar dêr hat er gjin erch yn. Skriele treast: hy is de iennichste net.

Bartele Boukje
Ut: De Pompeblêden
6 novimber 1982

De Itera.

De eerste succesvolle kunststof fiets, uit Zweden, écht roestvrij en bij uitstek geschikt voor het fietsverwoestende Hollandse klimaat, is vanaf november 1982 ook in Nederland verkrijgbaar. De ITERA, een produkt van dezelfde wetenschap, die aan de wieg van onze ruimvaart, satellieten en straalaandrijving stond, resulteerde uit 3 jaar fietsdenken en -creëren door een team van topspecialisten. Namen als Volvo (concept, windtunneltest), Dupont (kunststof en SKF kogellagers) garanderen een gebruikfiets, niet alleen opgewassen tegen ons klimaat, maar met een door geen andere fiets te evenaren levensduur. Bovendien waren optimale fietsveiligheid en minimaal onderhoud twee basiseisen van het concept, waaraan men voldeed door toepassing van bijv.: Gesloten SKF-lagers, geen nasmeren of -stellen van wielen en trapas meer.

Voornaaf met steekas en vaste asgaten in vorkuiteinden, waardoor automatisch gecentreerde stand van wielen.

Kunststof, glad en afgerond, voor stuur, frame, wielen, cranks, spatborden, lampen en kettingwiel; roest- en onderhoudsvrij, geluidarm en kleurecht. Long-life cassette-batterij; altijd even sterk voor- en achterlicht, ook bij afstappen en stilstand, de beste bescherming tegen achteropkomend verkeer. Onderdelen met positioneersleuven; maar op één manier te monteren, foute montage daardoor uitgesloten.

Maak eens een proefrit



met het origineel.



De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel.

Eerste van een nieuwe autogeneratie. Dus voorlopig niet te imiteren. De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel.



ORIGINEEL



ORIGINEEL

De kracht van een sprinter. Zuinig. Maximaal rendement uit normale (!) benzine. Aerodynamische styling.

Maximale interieurruimte. Zo wekt de Stanza de indruk van binnen groter te zijn dan van buiten.

Beschermende veiligheid in de totale constructie. Koersvast weggedrag onder alle omstandigheden.

De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel. Vooruitstrevend. Eigenzinnig in temperament. Nieuwe 1.6 en 1.8 liter motoren.

Nu bij ons. Klaar voor de eindtest: uw proefrit. Prijs incl. BTW, af Lisse va. 17.995,-.



Datsun van Nissan.



**autobedrijf
drachten b.v.**

**DE HEMMEN 1
DRACHTEN
Tel. 05120-12100
Na 18.00 uur
Tel. 05120-14967-18575**




Hawwe jo in frieskast of -kiste?
En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

SKILJE US DAN EFKES

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkersguod
yn Aldegea
Wy hawwe no ek waddenbôle, zonder vet
puur natuur


**Waarme Bakker
J. JELSM A**

Boarnburgum



Tillefoan 05126 - 1215

De ITERA, de Zweedse kunststof fiets, bijna geheel uit een composiet thermo-plastic van Bayer; frame, wielen, spatborden, lampen, stuur en kettingwiel.



Sterke bagagedrager en originele snelbinder; voor aanpassing aan de meest uiteenlopende bagage-eisen. In het frame weggewerkte batterijen, verlichtings-snoeren en bedieningskabels. Vaste achterwielstand; ketting naspannen en kettingspanners zijn overbodig; een simpele kettingspanner houdt de ketting strak, geen aflopende ketting meer. Een schakelaar voor voor- en achterlicht, tijdens rijden aan te zetten; door batterij geen rolweerstand van een dynamo. Effectieve reflectiestrippen voor en achter en op spaken; betere zichtbaarheid rondom. Het uniforme frame van de ITERA en het snel verstelbare zadel maken er tevens een ideale gezinsfiets van voor elk mogelijk gebruik. Van de toebehoren moeten 't veiligheidskinderzitje en de hardplastic zijkofters genoemd worden, die op de standaard bagagedragers passen.

Feyenoord - Ajax.

